

Op hûs oan

1.

Doe't ik lêsten by jûntiid de haven del gie,
It wyntsje gie lizzen, de sinne waerd wei,
Doe hearde ik sjongen troch ien dy't dêr stie:
Bring my no mar nei hûs ta, myn tiid is foarbij.

Refrein:

Hiel myn libben ha'k swalk'op it wetter,
Dêr bûten dêr lei myn bestean.
No is de tiid kommen, om sûnder to eangjen.
Foar iens en altiten op hûs oan to gean.

2.

Want dêrjinsen dêr is men to plak sa't skynt,
Dêr geane de seelju oan't ein fan'e reis.
Men is sa tefreden mei wat men dêr fynt.
Eltse dei bringt wer wille en jowt wol wat nijs.

Refrein:

3.

Dêr't de loft altyd blau is, gjin wolkje te sjen.
It strân leit der hinne, sa skjûn en sa giel.
'k Sjoch dûnsjende fammen en boartsjende bêrn.
En it iiskâlde pilske dat smart my de kiel.

Refrein:

4.

As oan't ein fan de dei dan de jûntiid begjint,
Dan gean wy to stappen, de kroegen bylâns.
Dêr binne de froulju dy't sykje in fint.
Eltse rakker dy't meigiet berekkent syn kâns.

Refrein:

5.

En de buorreeltsjes kostje dêr hielendal neat,
Wy drinke mar raak en wy fiele ús bêst,
Want nimmen betellet, gjin ien stiet hjir read,
Ik doar sa wol op hûs oan, dan fyn ik myn rêst.

Refrein: